

„DE LJIP” FYFTICH JIER OP SJOU.

Al fyftich jier hat nou „de Ljip”
Mei skou, as boat as motorskip,
De fjilden yn to sykjen west.
De fûle langst nei sikery
En fry fan 't wiif en bern der by
Waerd yn foldwaende mjitte dwest.

Us pleisterplak wie dan sahwat
Der earne by 't flearboskergat.
Dat plakje, aerdich fier fan hûs
Der waerd yn 't skofft yn 't spek om fild
Hwant elk fan ús wie soun yn 't fjild
En hie dan hunger by de roes.

It sliepen wie der hwat op ta
Hwant sikerwier de sikers ha
Meast net in bêd fan sêfte fear.
De delling waerd bistruid mei strie
Wylst faeks in jas ús tekken wie
En dermei wie it sliepsté klear.

Moarns wit hoe ier dan wie it dei
En dy't dan swier to snoarkjen lei
Dy krige yn syn ribbekast
In soune dúst en heal forslein
Stou dan sa'n immen gau oerein;
Om 't let yn 't fjild ús dan net past.

Hwat slieprich faek en ûngedien
Kjel wekker út in dream miskien
Waerd wol ris prottele en flokt.
Mei gauens setten wy dan ôf
Mei bilwein, soms in pream en skou
Waerd ljept en skoud en wol ris pjokt.

De iene sette stiif en heas
De stap er yn nei de âld lears.
In oar gyng proastich foar de wyn
De Troâne del of nei de Kooy
En wie it waer net al to moai
Stéfêst de Beetster polder yn.

Dan waerd der om de fûgels tocht
Om reitsen fûl om aeijen socht.
De fynst kaem deftich yn de pet,
En as dan nei in swiere gong
Op 't lêst de kofjelippe hong
De stap wer nei it skip ta set.

Omslachtich waerd yn rom forskaet
Dan by de kofjepot bipraet
Hwat min al sa bilibbe hie.
„In tretsje krekt der oer de sleat
It wyfke dat fuot by de feart
Sa moai to striekesmiten stie.

In wetterwulp kaem fan in broed
In skrie dy sangere fol noed,
De snip dy't blett're oer 't âld fean
De ein dy't yn de reidwâl siet
De slob dy't d' aeijen ûnder skiet
(Forhip, dat sykjen is forbean.)

En nei dat praetsje, tichte by
In loopke noch, dan hiene wy
Ek hunger as in grauwe poep.
Elk kriich de rook dan yn de noas
Fan 't lekk're iten en — hwat oars —,
Sadat er gau nei board to stoep.

Earst waerd er gau in wipke nomd,
En stadichoan al hwat bikomd
Fan al dat sykjen yn de moarn,
Waerd 't kostlik miel hiel goed bired
Jit troch de kok op tafel set.
Wy foelen dan as slotters oan.

En wie it miel nei binnen slein
Dan namen inkele skjin oanein
In knipperke, mar ridlik gau
Klonk 't troch it rom,
't is dien mei 't skofft
Heech stiet de sinne oan de loft,
Der út, wy moatte wer op sjouw.

Sa binne wy yn waer en wyn
En wol yn folop sinneskyn
It fiere, wide fjild yn set.
Mar as de krite kweazich wie
En heal hast ûnder wetter stie
Dat sinnege ús meastal net.

As 't waer ús to ûnstumich wie
En Pluvius mei heil en snie
En út en troch mei fûle rein
Us treitere, joech 't hiele stel
Him prot'lich yn it laedrom del
En 't waerd it ek wol ris snjiddich sein.

Fan alles ha wy ûnderfoun
En 't hat ús moaije dagen joun.
It docht ús dan ek great plesier
Dat Klaes wer mei is yn it skip
As meioprjochter fan „de Ljip”
Yn dit ús „Gouden Jubeljier”.

D. L. B.

Leden fan „de Ljip” binne:
Reinder de Vries, Kl. Berkepas, Jan
Heida, kok, Rinze Epema, Wiegier Otter,
Jan Veenstra, Pieter Tilma, Sikke
Kingma, Jaap G. Duiker, Sipke Leen,
Rinke Bosma, Sietsje van der Heide,
Gerben Palstra.

Kaptein oan 'e Boat: Sipke Bakker.